

PARSEBERJOCHT

17 novimber 2015

Klear foar de start?

Dan giet 'De Koers' no los!

Omrop Fryslân presintearret in nije dramasearje foar de jeugd. Op tiisdei 1 desimber fynt yn skouboarch De Lawei yn Drachten de premjêre fan de searje 'De Koers' plak. Njonken de premjêre wurdt ek it boek 'De deikoersen fan Remco', dat skreaun is foar it LêsNo projekt, presintearre.

LêsNo is in lêsbefoarderingsprojekt foar jongerein yn de ûnderbou fan it fuortset ûnderwiis dat ferline jier úteinset is mei it boek oer Grutte Pier. It projekt is in gearwurking fan Bibliotheekservice Fryslân, Cedin, Afûk, Omrop Fryslân en Tresoar. Dit jier bestiet it LêsNo projekt út de dramasearje 'De Koers', it boek 'De deikoersen fan Remco', in audio- en meilêsferzje fan it boek en in lesbrief.

Doel fan it projekt is it fergrutsjen fan de lêswille by de doelgroep. Fan 11 jannewaris 2016 ôf sille 2760 learlingen, ferdield oer 18 skoallen en 115 klassen seis wiken lang mei it projekt oan 'e slach.

Jeugdsearje 'De Koers': Hoe hurd moatst wêze om de top te heljen? Dat is de fraach dêr't Sieger foar stiet, no't er op it punt stiet in profkontrakt te tekenjen as hurdfytser. As Remco, de jongere broer fan freondinne Marije, in slim ûngemak krijt moat Sieger yn koarte tiid alles op alles sette om him te helpen. De Koers is fan desimber ôf online te finen fia omropfryslan.nl, de Omrop-app, Youtube en eduFrysk. Fan moandei 4 jannewaris ôf is 'De Koers' ek te sjen op Omrop Fryslân Televyzje.

Boek 'De deikoersen fan Remco': *Bart Kingma, de betinker fan de dramasearje is ek de skriuwer fan it boek.*

Nei it ûngelok giet it ferhaal fan Remco fierder yn it boek 'De deikoersen fan Remco'. Hy hat talint foar hurdfytsen, mar nei it ûngelok liket Remco's dream om prof te wurden yn reek op te gean. It boek leit fan desimber ôf by de boekhannel.

Noat foar de redaksje:

Foar mear ynformaasje kinne jo kontakt opnimme mei de ôfdieling Marketing & Kommunikaasje fan Omrop Fryslân: 058 299 7876.

Lês
No:



Omrop Fryslân

Bibliotheekservice
Fryslân

afûk

Cedin

TRESOAR

PERSBERICHT

17 november 2015

Klaar voor de start?

Dan gaat 'De Koers' nu los!

Omrop Fryslân presenteert een nieuwe dramaserie voor de jeugd. Op dinsdag 1 december vindt in schouwburg De Lawei in Drachten de première van de serie 'De Koers' plaats. Naast de première wordt ook het boek 'De deikoersen fan Remco', dat geschreven is voor het LêsNo project, gepresenteerd.

LêsNo is een leesbevorderingsproject voor jongeren in de onderbouw van het voortgezet onderwijs dat vorig jaar is begonnen met het boek over Grutte Pier. Het project is een samenwerking van Bibliotheekservice Fryslân, Cedin, Afûk, Omrop Fryslân en Tresoar. Dit jaar bestaat het LêsNo project uit de dramaserie 'De Koers', het boek 'De deikoersen fan Remco', een audio- en meeleesversie van het boek en een lesbrief.

Doel van het project is het vergroten van het leesplezier bij de doelgroep. Vanaf 11 januari 2016 zullen 2760 leerlingen, verdeeld over 18 scholen en 115 klassen zes weken lang met het project aan de slag.

Jeugdserie 'De Koers': Hoe snel moet je zijn om de top te halen? Dat is de vraag waar Sieger voor staat, nu hij op het punt staat een profcontract te tekenen als wielrenner. Als Remco, de jongere broer van vriendin Marije, een erg ongeluk krijgt moet Sieger in korte tijd alles op alles zetten om hem te helpen. De Koers is vanaf december online te vinden via omropfryslan.nl, de Omrop-app, Youtube en eduFrysk. Vanaf maandag 4 januari is 'De Koers' ook te zien op Omrop Fryslân Televisie.

Boek 'De deikoersen fan Remco': *Bart Kingma, de bedenker van de dramaserie is ook de schrijver van het boek 'De deikoersen fan Remco'.*

Na het ongeluk gaat het verhaal van Remco verder in het boek 'De deikoersen van Remco'. Hij heeft talent voor het wielrennen, maar na het ongeluk lijkt Remco's droom om prof te worden in rook op te gaan. Het boek ligt vanaf december in de boekhandel.

Noot voor de redactie:

Voor meer informatie kunt u contact opnemen met de afdeling Marketing & Communicatie van Omrop Fryslân: 058 299 7876.

Lês
NO:



Omrop Fryslân

Bibliotheekservice
Fryslân

afûk

Cedin

TRESOAR